

# SKAADBESTJOERSOFSPRAAK FRYSCHE TAAL EN KULTUER 2019-2023

## Dúdlíke doelen foar in Fryske takomst



juny 2018

## YNHALDSOPJEFTE

YNHALDSOPJEFTE .....	2
OERWAGING.....	3
GEARFETTING .....	5
HAADSTIK 1 ALGEMIEN .....	8
HAADSTIK 2 UNDERWIIS.....	9
HAADSTIK 3 RJOCHTERLIKE AUTORITEITEN, BESTJOERLIKE AUTORITEITEN EN IEPENBIERE TSJINSTEN .....	14
HAADSTIK 4 MEDIA.....	18
HAADSTIK 5 KULTURELE AKTIVITEITEN EN FOARSJENNINGEN .....	21
HAADSTIK 6 EKONOMYSK EN SOSJAAL LIBBEN .....	25
HAADSTIK 7 UTWIKSELINGEN OER DE GRINS HINNE .....	27
HAADSTIK 8 SLOTBEPALINGEN .....	29

## OERWAGING

De Ried fan de Fryske Beweging hat kennis nommen fan de Bestjoersoerienkomst Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 en hat wurdearring foar de ynspanningen fan Ryk en Provinsje. Yn it ferline binne foar it Frysk besluten nommen dy't derta dien ha. Dochs hat it Frysk noch net de posysje krige sa as dy yn publikaasjes wol oanjûn is, lykas yn de Nota fan Geunst nei Rjocht (de lykweardigens en lykberjochting fan de beide talen yn de provinsje), it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan Nasjonale Minderheden en it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden en as lêste de Wet brûken Fryske taal. Wy binne dan ek fan betinken dat it dêr net mei ta kin en dat mear mooglik is. Dat hat te krijen mei in tal saken:

1. It belied oangeande it ûnderwiis sa't it no útfierd wurdt, giet bygelyks út fan in konstruksje dat de skoallen frege wurdt oft dy it nedich fine dat it fak Frysk jûn wurdt. Foar gjin ien fak op it Frysk nei wurdt de skoallen frege oft sy dat wolle of net. It Ryk skriuwt de fakken foar. It systeem dat no hantearre wurdt is in hoedene ôfspraak fan de Provinsje om stapke foar stapke wat te berikken, mar liket mear op in ôfskoven fan ferantwurdlikens fan it Ryk nei de Provinsje sûnder dat de ferantwurdlikens om foar te skriuwen of yn te gripen ek oerdroegen wurdt. It Ryk hâldt de einferantwurdlikens en foar it each fan de wrâld liket dat in moaie gêste mar yn de praktyk docht bliken dat de Provinsje gjin mooglikheden hat om der ek wat fan te meitsjen.
2. Dat it Ryk de ferplichting hat om te soargjen dat oan it rjocht fan de Frysksprekenden om by rjochterlike prosedueren it Frysk te brûken foldien wurdt is in goed ding. It komt der no lykwols op oan om dy ferplichting yn de praktyk in better plak te jaan. Wat de ferplichting oangeande it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal troch bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten oanbelanget komt it no benammen oan op it lykweardich brûken fan de beide talen. Dat jildt foar ynstânsjes yn en bûten Fryslân as dy yn Fryslân aktyf binne. De Provinsje moat der konsekwint op oanstean dat yn taalbeliedsplannen beskreaun wurdt wat ôfpraat is en dat dat útfierd wurdt.
3. De Provinsje hie yn de BFTK 2013-2018 de ambysje om it plak fan it Frysk yn alle foarmen fan nije media lykweardich te meitsjen oan dat fan it Frysk yn de tradisjonele media. Lykweardigens betsjut dan beide talen yn alle media, de nije likegoed as de tradisjonele, lykweardich brûkt wurde moatte. Dêr set de skaad-BFTK op yn.
4. Wat de kultuer en de ekonomy oanbelanget is der neffens de Ried ek in stringinter en inisjativer belied nedich. Yn de ôfrûne jierren hat de Ried faker as ien kear de Provinsje der op wiisd dat as de Ried fan de Kultuer it hat oer It Noarden mei as sintrum de stêd Grins soks troch Fryslân net akseptearre wurde kin. Der moat dúdlik ynset wurde om fan Fryslân mei Ljouwert as haadstêd in kulturele regio te meitsjen.
5. By digitalisearring moatte de begripen lykweardigens en lykberjochting likegoed sintraal stean. Websiden binne prachtige mooglikheden om ynformaasje takomme te litten, om ynhâlden oangeande taal en literatuer te ûntsluten en te fersprieden. Dêr moat fierder op ynset wurde en dat jildt foar alle ûnderwerpen dy't yn de haadstikken fan dizze skaad-BFTK

oan 'e oarder komme. Wat dat oanbelanget moat dêrom ek fierder wurke wurde kinne mei it projekt RedBot ServiceOrganisatie. Websiden yn Fryslân moatte yn alle gefallen yn it Frysk beskikber wêze. As der foar keazen wurdt om deselde websiden yn mear talen beskikber te hawwen, dan moat de Fryske webside hieltyd systematysk as earste yn byld komme.

6. As lêste punt freget de Ried omtinken foar de behearsking fan it Frysk. Dwaan en litten fan Ryk en Provinsje moatte rjochte wêze op de sichtberens en it mear en better brûken fan it Frysk. Om te begjinnen moat de behearsking fan it Frysk in funksje-eask wêze by iepenbier bestjoer, ûnderwiis en soarch.

Mei op grûn fan it boppesteande hat de RfdFB in skaadoerienkomst opsteld. Yn de folgjende paragrafen wurdt op in grut tal beliedssaken yngien dy't hjir en dêr fierder geane as de besteande BFTK mei as útgongspunt lykberochting fan it Frysk en it Nederlânsk sadat der in oar en better passend belied yn Fryslân realisearre wurdt.

Geart Benedictus, foarsitter

Renze Valk, skriuwer

## GEARFETTING

### **Ynliedende opmerkingen**

De Ried fan de Fryske Beweging hat in skaad-BFTK gearstald. Oer dy skaad-BFTK moatte yn 't foar wol in pear dingen sein wurde. De notysje is basearre op de BFTK 2013-2018 fan Provinsje en Ryk. Faaks hie it moaier en better west en skriuw in skaad-BFTK by de nije BFTK fan Provinsje en Ryk dy't kommendeweis is. Dat koe net, om't de Ried útsoarte net op de hichte fan dy ynhâld is. Sadwaande waard de âlde BFTK ús útgongspunt. Dat hat in foardiel, want de Ried kin no mei in skaad-BFTK komme, dy't der noch ta dwaan kin, ynfloed ha kin op de nije BFTK fan Provinsje en Ryk.

It is hjoed-de-dei hiel gewoan om in stip op de kym te setten. Hieltyd faker komt it jiertal 2030 yn byld. De Ried hat dy stip set, mar dan oer fiif jier. Oer fiif jier soe lykweardigens en lykberjochting en dus it likefolle brûken fan de beide talen gewoan wêze moatte. Dat soe no al sa wêze moatte. Dat dêrom hat de Ried net keazen foar in langere perioade as dat de BFTK's ornaris duorje.

De Ried realisearret him dat de skaad-BFTK yn guon gefallen breder is as de wenstige BFTK's. De Ried hat him net útsprutsen oer wat de taken fan Ryk, Provinsje en gemeenten yn dat ramt binne. Likegoed is de Ried fan betinken, dat de Provinsje in sintraal oanstjoerende rol ha moat. Dat soe betsjutte kinne dat guon taken better troch de Provinsje as troch it Ryk útfierd wurde kinne. De Fryske taal en kultuer is earder in taak fan de Provinsje as fan de ferskillende gemeenten. De Ried is dêrom fan betinken dat guon taken op it mêd fan taal en kultuer better fan de gemeenten nei de Provinsje ta kinne. De Ried wol dat net op foarhân fêstlizze, mar is wol fan betinken dat dêr yn de kommende perioade dúdlikens oer komme moat.

Fierder moat opmurken wurde dat de Ried ûnfoldwaande ynsjoch yn de finânsjes hat om finânsjes oan de útstellen te keppeljen. Hoewol't lang net alle foarnimmens jild kostje binne de finânsjes wichtich. Dat betsjut dat de kosten sa gau as mooglik yn byld brocht wurde moatte om dan, as it moat, prioriteiten stelle te kinnen. De Ried hat ûnfoldwaande ynsjoch yn de middels dy't ynset wurde kinne en docht dêr dêrom gjin útspraken oer. It giet op haadlinen oer lykweardigens en lykberjochting. Mei it each op regel- en wetjouwing moat besjoen wurde hokker gaadlike wurkwizen der binne. Dat kin betsjutte dat om de doelen te berikken yn guon gefallen foar oare middels keazen wurde moat. De Ried makket dus dúdlik jild en middels ûndergeskikt oan de doelen.

### **Koarte gearfetting fan de haadstikken**

#### **Underwiis**

Ryk en Provinsje steane yn mienskiplike ferantwurdlikens noed foar it neilibjen fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen en it Ramtferdrach Nasjonale Minderheden, beide fan de Ried fan Europa. Dy ferdraggen wurde op de dêrta stelde tiden hifke. De advizen fan Dingtiid wurde wat dy ferdraggen oanbelanget foar earnst nommen. Opgean yn in grutter lânsdiel is net yn it belang fan de Fryske taal en kultuer.

By it Frysk heart in folweardige trochgeande learline fan pjutten oant en mei universiteit. Yn bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken wurdt it Frysk op syn minst yn de helte fan de

kontaktoeren as fiertaal brûkt. De basisskoallen sette alle jierren stappen om de keardoelen sa gau mooglik te heljen en om sa it Frysk in lykweardich plak te jaan yn in meartalich konsept. It Frysk wurdt krekt as alle oare fakken yn de jierlikse kwaliteitsbeoordelingen meinommen. Learkrêften yn it basisûnderwiis hawwe it foech Frysk of helje dat binne twa jier. De ynspekteurs dy't yn Fryslân wurkje, behearskje it Frysk.

Yn it fuortset ûnderwiis wurdt it Frysk yn alle learjierren op syn minst twa oeren jûn, wylst it tagelyk as ferplichte eksamenfak opnommen wurdt. Wat de keardoelen oanbelanget wurdt net langer ûnderskied makke tusken Frysk foar Frysk- en net Frysktaligen. De skoallen moatte genôch learkrêften ha om it Frysk as fiertaal brûke te kinnen. Yn it middelber beropsûnderwiis is it Frysk in ferplicht ûnderdiel as fak en as fiertaal, wylst it Frysk tagelyk in ferplichte eksamenûnderdiel is. Ofstudearre studinten fan Pabu NHL/Stenden kinne meartalich ûnderwiis jaan mei in lykweardich plak foar it Frysk.

Foar it jaan fan it fak Frysk bliuwt in earstegraads oplieding nedich, nettsjinsteande it tal studinten. Frysktalige studinten oan de universiteit krije de gelegenheid fan it Frysk gebrûk te meitsjen. Foar de fuortsterking fan de Fryske taal en kultuer docht de Provinsje ûndersyk nei de foardielen fan gearwurking tusken hegeskoallen, de Fryske Akademy en Campus Fryslân as it giet om meartaligens en kultuer.

### **Rjocht, bestjoer en iepenbiere tsjinsten**

In Frysktalige ynwenner fan de provinsje Fryslân dy't te krijen hat mei rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en/of iepenbiere tsjinsten moat daliks al by it earste kontakt gewoan Frysk prate en skriuwe kinne. De oerheid stelt him dêrta Fryskfreonlik op. Dat betsjut tagelyk dat de oerheid dêrta genôch meiwurkers oanstelt dy't dêrmei rêde kinne. Behearsking fan it Frysk betsjut oer en wer in better begryp en dat makket de rjochtspraak better.

De rjochtbank yn Ljouwert bliuwt bûten mienskiplike regelingen oer de grinzen fan de provinsje hinne, om't dat ûnnedich samar beheining betsjut foar Fryskpraters. Rjochtsaken mei Fryskpraters en /of oer Fryske situaasjes wurde safolle mooglik yn Fryslân ôfhannele. Rjochtsaken bûten Fryslân dêr't ynwenners, organisaasjes, bedriuwen of oerheden út Fryslân wei by belutsen binne, moatte yn it Frysk ôfdien wurde.

### **Media**

De Provinsje hat de ambysje om yn dizze BFTK-perioade it plak fan it Frysk yn alle foarmen fan nije media op syn minst lykweardich te meitsjen oan dat fan it Frysk yn de tradisjonele media. Lykweardigens wat de talen oanbelanget betsjut dat yn de skreaune media likegoed as de lokale omroppen beide talen likefolle brûkt wurde, wylst Omrop Fryslân gewoan Frysktalich is.

De meiwurkers fan Omrop Fryslân behearskje it Frysk folslein (Fryslân-A diploma). Omrop Fryslân hat in folsleine en alsidige programmearring. Lokale radio- en telefyzjestjoerders ha likegoed as Omrop Fryslân programmarieden dêr't Frysktalige leden yn sitte dy't yn tal oerienkomme mei it tal Frysktaligen yn it oanbelangjende útstjoergebiet.

Ryk en Provinsje komme sa gau mooglik mei metoaden en jild om de tradisjonele provinsjale media sa fier te krijen dat beide talen lykweardich brûkt wurde. De Provinsje rjochtet him ek op de lokale kranten, periodiken en doarpskranten. De Provinsje komt mei kursussen om Frysk skriuwers te stypjen. De tydskriften dy't no foar in part yn it Frysk binne, wurde foar in grutter part Frysktalich (75%). Fierder komt der in nij en folslein Frysktalich tydskrift.

### **Kulturele aktiviteiten en foarsjenningen**

Fryslân moat sa gau mooglik in selsstannige kulturele regio wurde. Allinne dan kinne keunst en kultuer yn Fryslân ta harren rjocht komme. Yn de Ried foar Kultuer moat op syn minst ek immen út Fryslân wei in sit ha, dy't goed op 'e hichte is mei de Fryske taal en kultuer. De kulturele foarsjenningen yn Fryslân moatte beliedsplannen ha, dêr't it brûken fan it Frysk dúdlik yn beskreaun stiet. It Frysk moat op it foarste plak komme. Dy formulearringen binne needsaken om foar subsydzje yn 'e beneaming te kommen. De Provinsje past dêrta de needsaaklike regelingen oan.

### **Ekonomyk en sosjaal libben**

De Provinsje befoarderet mei fasiliteiten it brûken fan de Fryske taal yn de ekonomyske sektor. Nije bedriuwen wurde folslein ynformearre. Alle bedriuwen wurde stimulearre en holpen om it Frysk te brûken. De Provinsje trunet ek wolwêzen- en soarchynstellingen oangeande it belang fan it brûken fan de memmetaal fan de kliïnten oan om it Frysk in dúdlik plak te jaan. Yn kontakt mei sokke ynstellingen moat it Frysk altyd brûkt wurde kinne. Yn foarkommende gefallen wurde subsydzjemoglikheden ynset.

### **Utwikselingen oer de grinzen hinne**

De Provinsje set yn op in goed foarljochtingsbelied oangeande de Fryske taal en kultuer. Mei oare Fryske taalgebieten en likense taalminderheden wurde goede kontakten ûnderhouden. Fryslân giet foar in eigen buro as konstitúsjonele regio yn Brussel.

# HAADSTIK 1

## ALGEMIEN

### Kêst 7 fan it Europeeske Hânfêst

- 1.1. Ryk en Provinsje yn mienskiplike ferantwurdlikens sjogge der op ta dat yn alle beliedsnota's mei it each op it wurkingsfjild fan dizze bestjoersôfspraak de troch Nederlân ûnderskreaune bepalingen neikommen wurde.
- 1.2. Yn spesifike wetjouwing en ferdrachsbepalingen is de bysûndere status fan de Fryske taal en kultuer fêstlein. Dy status moat boarge wurde troch de bestjoerslaach, dy't dêr yn it foarste plak foar yn 'e beneaming komt. By it oangean fan dizze bestjoersôfspraak is dat de provinsje Fryslân. Opgean fan de provinsje Fryslân yn in noardlik lânsdiel is net oan de oarder en soe skealik wêze foar de bysûndere posysje fan de Fryske taal en kultuer. Fryslân bliuwt in selsstannige bestjoerlike ienheid.
- 1.3. Om it Nederlânsk regear en de provinsje Fryslân te advisearjen oer alle saken dy't mei de Fryske taal te krijen hawwe is it Orgaan foar de Fryske taal (Dingtiid) fan grut belang en sil troch it Ryk en de Provinsje tegearre bekostige wurde.

Ryk en de Provinsje ha dan ek as útgongspunten foar de kommende perioade fan de bestjoersôfspraak:

- De ryksoerheid hat de ferantwurdlikens om de Fryske taal dy't yn 1970 offisjeel erkend is yn it kabinetsstânpunt oangeande it rapport fan de Kommisje Taalpolityk en de Wet brûken Fryske Taal te hoedzjen en te noedzjen.
- Nederlân hat him as lidsteat fan de Ried fan Europa ferplichte om it Frysk te beskermjen en te befoarderjen troch de ratifikaasje fan it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden en it Europeeske Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden.
- It Ryk en de provinsje Fryslân ha om dy reden de mienskiplike ferantwurdlikens foar it boargjen en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer.
- De mienskiplike ferantwurdlikens en soarchplicht achtslaande, meitsje it Ryk en de provinsje Fryslân om de safolle tiid bestjoersôfspraken om de ferantwurdlikens oangeande de Fryske taal en kultuer en it bekostigjen dêrfan te regeljen.
- It Ryk en de provinsje Fryslân hâlde harren it rjocht foar om yn it perspektyf fan nasjonale en ynternasjonale ûntjouwingen yn ferbân mei de Fryske taal en kultuer foar de doer fan de rintiid fan dizze bestjoersôfspraak oanfoljende ôfspraken te meitsjen.



## HAADSTIK 2

### UNDERWIIS

(Kêst 8 fan it Europeesk Hânfêst)

#### **Ynlieding**

In libbene taal is in taal, dy't brûkt wurdt. De kwaliteit fan in net-brûkte en amper ûnderwiisde taal giet efterút en dat hat gefolgen foar de takomst foar dy taalmienskip. De taal moat dêrom op alle taaldomeinen klinke (omgongstaal) en bestudearre wurde om de ynhâld fan de Fryske boekekast lêze te kinnen en oan literatuer te dwaan (kultuertaal). De sintrale oerheid stiet neffens kêst 8 fan it Europeesk Hânfêst noed foar in goed plak fan it Frysk yn in tal foarmen fan ûnderwiis, omtinken foar de skiednis en kultuer yn de minderheidstaal en oplieding fan learkrêften om yn de minderheidstaal lesjaan te kinnen. De provinsje Fryslân bepaalt mei it belied oangeande it Frysk yn it ûnderwiis yn it ramt fan de ûnderwiisregeljouwing en stiet noed foar de útfiering dêrfan. It Ryk stelt de provinsje Fryslân middels beskikber om it eigen belied foar it Frysk út te fieren en stekt ek sels eigen middels yn dat belied. Dat nimt nei wei dat it Ryk einferantwurdlik bliuwt.

Yn 2017-2018 hat de Provinsje in 0-mjitting yn basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis útfiere litten. Wat it ûntheffingsbelied oanbelanget is de mjitte fan ûntheffing keppele oan it kritearium fan Frysk taalgebrûk yn de (skoal)omjouwing. Dat hâldt yn dat de ferplichting om de besteande keardoelen Frysk yn it skoalprogramma op te nimmen ôfhinklik wêze mei fan it persintaazje Frysktalige bern ûnder de learlingen en brûkers fan it Frysk yn it doarp of de stedswyk. Yn de 5e (en lêste) periodike rapportaazje oer it neikommen fan it Europeesk Hânfêst hat de nasjonale oerheid steld, dat ferstean en praten fan it Frysk hast as 'fansels' giet, mar dat it 'leren lezen en schrijven van het Fries essentieel (is) voor het voortbestaan ervan' (Inleiding, side 3). Dêrom sil yn de kommende perioade it ûnderwiisbelied ek rjochte wêze op it in folweardich plak fan it Frysk yn it Fryske ûnderwiis. Frysktalige learlingen hoege net heal-analfabeet yn eigen taal te bliuwen en de oarstalige learlingen krije boppedat optimale kânsen dielnimmer te wurden yn ús twatalige mienskip.

Foar bloei en funksje fan in (kultuer)taal is dêrom in trochgeande learline nedich fan pjutten oant de universiteit. De Provinsje sil de kommende perioade nei mooglikheden en middels sykje om it Frysk yn alle ûnderwiistypen in folweardich plak krije te litten en de resultaten in elemint wêze te litten yn de beoardieling fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de provinsje. It Frysk as twadde rykstaal is weardefol yn it kulturele spektrum en fertsjinnet yn de Fryske mienskip as earste taal mûnling en skriftlik in lykweardich plak. Yn de kommende BFTK-perioade stribbet de provinsje Fryslân yn oerlis mei it Ryk en rekken hâldend mei de spesifike ferantwurdlikheid fan Ryk en Provinsje op de ûnderskate beliedsmêden nei emansipaasje fan it Frysk yn it ûnderwiis.

De Provinsje docht yn de kommende BFTK-perioade útstellen om de ferantwurdlikens foar it ûnderwiis oangeande Fryske taal en kultuer yn Fryslân oan de Provinsje oer te dragen.

## **a. Foarskoalske perioade**

1. Yn alle bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken hat it Frysk deselde status as it Hollânsk en it Frysk wurdt op syn minst as fiertaal yn de helte fan de kontaktoeren brûkt.
2. Foar- en ierskoalske edukaasje hat as útgongspunt in twatalige oanpak.
3. De liederes/liedsters binne oan de ein fan dizze BFTK folweardich sertifisearre foar it Frysk.
4. De Provinsje stiet garant foar de kwaliteit fan de opliedingsmodulen foar it Frysk sertifikaat.
5. It materiaal foldocht oan de standert foar in twa-/meartalige ûntwikkeling by de bern.
6. Yn gefal fan bûtenlânske bern kin harren thústaal yn de omgong as helptaal funksjonearje njonken de meartalige (Frysk-Hollânsk) ûntwikkeling fan de bern.

## **b. Primêr ûnderwiis**

### **1. Kearndoelen**

De keardoelen Frysk binne ferplichtingen foar it oanbod fan de skoalle en ynhâldlik rjochte op in selde plak as it Hollânsk plak yn it programma. Mei it each op de mooglik grutte ferskillen yn de behearsking fan it Frysk troch de de bern (begjinsituaasje) wurdt tenei differinsjaasje op mikro-nivo tapast om foar alle bern in net ûnderbrutsen ûntwikkelingsproses (WPO, kêst 8.1) te garandearjen. Om it ûnderwiis yn it Frysk te ferbetterjen sille tenei net om de fjouwer jier de takende skoalprofilen oanpast wurde. De skoallen jouwe yn harren fjouwerjierlikse plannen oan hokker stappen alle jierren set wurde nei in lykweardich plak fan it Frysk yn it meartalich ûnderwiiskonsept.

### **2. Parsjele ûntheffing**

Foar skoallen yn gebieten sa as op de Waadeilannen, op it Bildt en yn de Stellingwerven mei in streektaal yn libben gebrûk kinne ôfspraken makke wurde foar omtinken foar de taalsituaasje yn eigen regio. Foar it funksjonearjen yn in meartalige provinsje wurdt dêrneist op syn minst passive behearsking fan it Frysk as doel steld en foar Frysktalige learlingen alle keardoelen oanbean.

### **3. Nije keardoelen**

De keardoelen Frysk meie gjin leger nivo ha as dy fan foar 2006 en binne spegele oan dy foar it Hollânsk. It lanlik projekt Curriculum.nu hâldt him yn 2018-2019 dwaande mei in folgjende generaasje keardoelen foar p.û. en hat foar it Frysk dy taak oan de provinsje Fryslân oerdroegen (kurrikulum.frl). Op grûn fan Hânfêst 8.g wurde ek keardoelen ûntwikkele foar it ûnderwiis yn de skiednis en kultuer fan de regionale (taal)mienskip.

### **4. Lesmateriaal**

Neist lesmateriaal foar it Frysk as fak wurdt der gaadlik materiaal (digitaal) ûntwikkele foar it Frysk as ynstruksjetaal by oare fakken. Yntegraal meartalich lesmateriaal makket it mooglik om optimaal trijetalich ûnderwiis te jaan. Learlingen leare yn it Frysk op alle taalfjilden de krechte begripen te hantearjen.

5. Tafersjoch en toetsing

It Frysk wurdt yn de jierlikse kwaliteitsbeoordieling fan it ûnderwiis opnommen. De ynspeksje makket gebrûk fan it ûntwikkele en noch te ûntwikkeljen Grip-materiaal foar evaluaasje en toetsing. De yn Fryslân wurksume ynspekteurs behearskje it Frysk mûnling en skriftlik en binne by steat de kwaliteit fan it meartalich ûnderwiis te beoardieljen mei in folweardich plak foar de Fryske taal en kultuer. Yn dizze BFTK-perioade wurdt besjoen oft in ôfdieling fan de hjoeddeistige ynspeksje yn Fryslân of in eigen Fryske ynspeksje dat better mooglik makket.

6. Profesjonaliteit

Underwizend persoan is foar it ûnderwiis yn it Frysk kwalifisearre om in trochgeande learline en in net ûnderbrutsen ûntwikkelingsproses by de learlingen mooglik te meitsjen. Persoan sûnder foech kriget twa jier de tiid it foech te heljen. De Provinsje soarget foar (fergeze) kursussen en garandearret it fereaske nivo.

**c. Fuortset ûnderwiis**

1. Frysk yn de WVO

It fak Frysk wurdt yn alle learjierren 2 oeren yn 'e wike jûn en as eksamenfak opnommen yn de list fan ferplichte eksamens foar alle learlingen. Projektwiken Frysk as ferfanging fan de reguliere oeren Frysk binne net tastien.

2. Kearndoelen Frysk

It besteande ferskil tusken kearndoelen Frysk foar Frysk- en net-Frysktalige learlingen wurdt opheft. It lanlik projekt Curriculum.nu hâldt him yn 2018-2019 dwaande mei in folgjende generaasje kearndoelen foar f.û., en hat foar it Frysk dy taak oan de provinsje Fryslân oerdroegen. De oan it Hollânsk spegele kearndoelen Frysk meitsje it mooglik dat de learlingen sawol passyf as aktyf it Frysk behearskje mei omtinken foar it Frysk as kultuertaal.

3. Lesmateriaal

Der wurdt yntegraal meartalich lesmateriaal ûntwikkele om Frysk as fiertaal by oare fakken mooglik te meitsjen. De skoallieding makket in oersjoch fan hoe't de talen (meartalich konsept) lykweardich yn it ûnderwiis in plak krije.

4. Profesjonaliteit

Der is foldwaande kwalifisearre ûnderwizend persoan om it Frysk ek as fiertaal yn alle groepen brûke te kinnen. Yn dizze BFTK-perioade wurdt sribbe nei 25% fan de lessen mei it Frysk as fiertaal.

5. Materiaal instandhouding Fries – voortgezet onderwijs (MIF-VO)

Skoallen wurde finansjeel stipe om omtinken te jaan oan adekwaat ûnderwiis yn it Frysk mei it each op lesmateriaal. As by jierlikse kontrôles bliken docht dat de finansjele stipe net goed foar dat doel bestege is, moat werombetelle wurde.

**d. Wet op de Expertisecentra (WEC)**

1. Frysk yn de WEC

It Frysk is mei in ferplichte taal yn de skoallen foar spesjaal ûnderwiis. Dêrfoar ûntwikkelet de skoalle yn dizze BFTK-perioade taalbelied mei foar it Frysk in lykweardich plak.

2. **Kearndoelen Frysk**  
De keardoelen Frysk binne deselde as yn it primêr ûnderwiis en ôfstimd op de ûntwikkelingsmooglikheden fan de learlingen mei de kâns foar alle bern op in optimaal learresultaat.
  3. **Lesmateriaal**  
Neist lesmateriaal foar it Frysk as fak wurdt yn dizze BFTK- perioade gaadlik materiaal (digitaal) ûntwikkele om it Frysk ek as ynstruksjetaal by oare fakken brûke te kinnen. Foar de neamde spesifike groepen (kêst 2 Wet WEC) wurdt passend oanfoljend materiaal ûntwikkele.
  4. **Profesjonaliteit**  
Underwizend persoaniel is foar it ûnderwiis yn it Frysk kwalifisearre om in 'ononderbroken ontwikkelingsproses' by de learlingen mooglik te meitsjen (trochgeande learline). Persoaniel sûnder foech kriget 2 jier de tiid it foech te heljen. De Provinsje soarget foar (fergeze) kursussen en garandearret it fereaske nivo.
- e. Middelber beropsûnderwiis (mbû)**
1. **Ferplichting**  
Yn it mbû is it Frysk in ferplichte ûnderdiel as fak en fiertaal as tarieding op de beropspraktyk. It Frysk is ek in ferplicht ûnderdiel fan it eksamen.
  2. **Lesmateriaal**  
Foar de mbû- opliedingen wurdt (digitaal) yntegraal meartalich lesmateriaal ûntwikkele.
  3. **Profesjonaliteit**  
Der is foldwaande kwalifisearre ûnderwizend persoaniel om yn alle groepen it Frysk ek as fiertaal yn de lessen brûke te kinnen. Yn dizze BFTK- perioade wurde stribbe nei 25% fan de lessen mei it Frysk as fiertaal.
- f. Heger beropsûnderwiis (hbû)**
1. **Ferplichting**  
It kurrikulum fan Pabu NHL/Stenden hat in oanbod Frysk yn in kwalitatyf trijetalige setting. De kwaliteit wurdt beoardiele troch in Frysk- saakkundige akkreditaasje-ynstânsje. Ofstudearre studinten binne by steat op basisskoallen meartalich ûnderwiis te jaan mei in lykwaardich plak foar it Frysk.
  2. **Lesmateriaal**  
Om studinten by steat te stellen harren goed op meartalich ûnderwiis ta te rieden wurdt yntegraal meartalich lesmateriaal ûntwikkele.
  3. **Profesjonaliteit**  
Dosinten op pabû NHL/Stenden kinne it Frysk op syn minst ferstean en lêze en binne by steat yn harren ûnderwiis oerienkomsten en ferskillen tusken de talen yn de trijetalige setting dúdlik te meitsjen. Foar it jaan fan it fak Frysk is in earstegraads oplieding nedich. Der binne foldwaande dosinten om it Frysk ek as fiertaal yn de lessen te brûken. Dosinten krije 2 jier de tiid om harren dêrfoar te kwalifisearjen.

**g. Rijksuniversiteit Groningen (RUG)  
(11e fakulteit – Ljouwert)**

1. Ferplichting

Sawol yn ynformaasje nei de studinten as yn de stúdzjeprogramma's wurdt in relaasje lein mei de lokaasje fan de oplieding nammentlik yn Fryslân. De wrâldwide tema's fan maatskiplike en ekonomyske aard drage by oan it oplossen fan lokale problematyk (biedwurd: Fryslân en de wrâld, of sa't se no gauris sizze: global challenges, local solutions).

2. Fryske taal en kultuer

Neffens it Europeeske model dat ynwenners trije talen ta harren foldwaan ha (in regionale, in nasjonale en in ynternasjonale taal) krije Frysktalige studinten de kâns yn mûnlinge (presintaasjes) en skriftlike bydragen ek fan it Frysk gebrûk te meitsjen. Foar Hollânsktalige studinten is dat it Nederlânsk. De fakulteit biedt dêrta de studinten koarte kursussen Frysk oan.

3. Stúdzjemateriaal

De fakulteit ûntwikkelet materiaal mei it each op meartalich gebrûk troch studinten.

4. De earstegraads oplieding foar it Frysk (RUG) wurdt oanbean nettsjinsteande it tal studinten.

5. Foar de fuortsterking fan de Fryske taal en kultuer docht de Provinsje ûndersyk nei de foardielen fan gearwurking tusken de hegeskoallen (oplieding), de Fryske Akademy (ûndersyk) en Campus Fryslân (stúdzje) op in tal mêden sa as meartaligens en kultuer om de foardielen fan dy gearwurking sels en om mooglik te kommen ta in universiteit foar Fryslân.

## HAADSTIK 3

### RJOCHTERLIKE AUTORITEITEN, BESTJOERLIKE AUTORITEITEN EN IEPENBIERE TSJINSTEN

(kêsten 9 en 10 fan it Europeesk Hânfêst)

#### a. Rjochterlike autoriteiten

Nederlân hat him der ta ferplichte dat yn strafrechtlike en sivile prosedueren en prosedueren foar de administrative rjochter de Fryske taal brûkt wurde kin yn de provinsje Fryslân. It Ryk hat de plicht der foar te soargjen dat oan it rjocht fan de Fryksprekkenden om by rjochterlike prosedueren it Frysk te brûken foldien wurdt.

1. Fan belang foar de útfiering fan dizze ferplichting is dat dyjinge dy't foar de rjochter komt te stean der goed fan op de hichte is dat it hy of sy it rjocht hat it Frysk te brûken. Noch wichtiger is dat hy of sy it fertrouwen hat it Frysk te brûken. Dêrfoar is it nedich dat immen fan it begjin fan de proseduere ôf wit dat it Frysk brûkt wurde kin en der ek fuort de mooglikheid hat dit bekend te meitsjen. De rjochtbank sil dêr dan rekken mei hâlde moatte.
2. Dêrom sil de alderearste fraach by it begjin fan in proses dat liedt ta in rjochtsaak/proses wêze moatte 'Yn hokker taal wolle jo dat it ferrint, Frysk of Nederlânsk?' Yn strafsaken betsjut soks dat de kar foar hokker taal immen brûke wol skriftlik fêstlein wurdt sadat ek yn in letter stadium fan de saak de plysje, de offisier fan justysje as de rjochter by it ûnderfreegjen rekken hâlde kin mei dizze kar. By in kar foar it Frysk betsjut it dat fan de earste kontakten mei de plysje/advokaten ensf. oant en mei de rjochtsaak ta de Fryske taal brûkt wurdt. Dêrby giet it ek om kontakten mei slachtofferhelp, Fier, gemeentlike ynstânsjes, iepenbier ministearje, griffy, belesting en sa mear. Yn de praktyk betsjut it ek dat ynformaasjemateriaal en formulieren sa as foar slachtofferhelp yn it Frysk beskikber binne.
3. Om jin fertroud te fielen it Frysk te brûken is it fan belang dat der by de ûntfangst en dus by de baly Frysk praten wurde kin en boppedat dat de rjochter Frysk praat. De rjochtbank Noard Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert soargje derfoar dat eltse griffier dy't oanwêzich is op in sitting op de lokaasje yn Ljouwert it Frysk behearsket.
4. In offisier fan justysje kin beslute in saak foar de rjochter te bringen mar ek kieze foar in strafbeskikking sa as in boete of taakstraf. Yn guon yn de wet neamde gefallen wurdt in strafbeskikking troch it IM net oplein neidat de fertochte hjiroer heard is. Yn sokke saneamde OM-sittingen yn Ljouwert wurdt it Iepenbier Ministearje fertsjinwurdige troch in offisier of sekretaris dy't it Frysk machtich is. Fan belang binne dêrby straffen dy't in fertochte bewust meitsje fan de gefolgen fan syn dieden. It OM wol dit soarte fan maatskiplike straffen by bedriuwen en ynstellingen faker tapasse. It parket moat ek better wurde yn it begelieden fan slachtoffers. By dizze wize fan begelieden spilet de taal in

wichtige rol en dêrom moat der foar soarge wurde dat de Frysksprekende it Frysk brûke kin by alternative straffen.

5. Troch it werskikken en ynkrimpen fan de rjochtbanken yn Noard-Nederlân wêrby't de Rjochtbank en it Gerjochtshôf yn Ljouwert belutsen wiene, wurdt in part fan de rjochtsaken bûten Fryslân holden. Hoewol it Frysk tastien is, wie it gefolch dat yn praktysk alle gefallen Nederlânsk brûkt wurde moast om't der gjin rjochters en sels gjin tolken beskikber wiene om it brûken fan it Frysk mooglik te meitsjen. Yn strafsaken betsjut dit dat alle saken oer strafber gedrach yn Fryslân ôfdien wurde by de rjochtbank Noard-Nederlân, lokaasje Ljouwert. Yn oare rjochtsaken wurde saken dêr't de rjochtbank yn Ljouwert it foech oer hat, primêr behannele op de rjochtbanklokaasje yn Ljouwert. As dat net mooglik is wurde dy op in oare lokaasje fan de rjochtbank Noard-Nederlân of it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert troch in rjochter dy't it Frysk machtich is behannele.
6. Provinsje en Ryk soargje derfoar dat de Rjochtbank yn Ljouwert net meidocht oan de mienskiplike riedkeamer yn strafsaken fan Grins en Assen.
7. Yn it Regearakkoart Rutte III side 5 ûnder Rjochtspraak stiet dat der wetjouwing komt dy't eksperiminten mooglik makket om mei ienfâldige prosedueren partijen byinoar te bringen en konflikten net op it spits te driuwen. Dêrby sil rekken holden wurde dat dy wetjouwing it gebrûk fan de Fryske taal fersterket.
8. Dêr is ek yn tasein, dat der eksperiminten mei buertrjochters komme, dyt't geregeldwei yn de buert sitting ha. It ferget in lyts lyts bedrach oan griffykosten. Dy eksperiminten binne rjochte op juridysk ienfâldige saken. De behandeling wurdt dien troch (kanton)rjochters dy't ek yn de gewoane rjochtspraak wurksum binne of wiene. Foar de eksperiminten mei buertrjochters dy't tichteby de minsken yn Fryslân steane, binne Frysksprekende rjochters beskikber.
9. Provinsje en Ryk jouwe it goede foarbyld. Hja begjinne yn it earste jier fan dizze BFTK mei ien Frysktalige saak. De folgjende jierren komme der mear by. De saken fan de BFVW kinne bygelyks in goed begjin foarmje.

## **b. Bestjoerlike en iepenbiere tsjinsten**

Wat de bestjoerlike tsjinsten oanbelanget giet it benammen om de ferplichtingen dy't Nederlân op him nommen hat oangeande it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal mei gebrûk fan en belied oangeande it Frysk troch en by Ryk, Provinsje en gemeenten. Fan betsjutting is dêrby de Wet gebruik Friese taal. Foar it bestean en fuortsterkjen fan de Fryske taal is de soarch foar it Frysk yn it belied fan Ryk, Provinsje, gemeenten en organen dy't dêr mei anneks binne needsaak. Yn de provinsje Fryslân binne twa offisjele talen: it Frysk en it Nederlânsk. Beide talen binne lykweardich en lykberjochtige.

1. It Ryk hat mei de ratifikaasje fan it Europeesk Hânfêst ferplichtingen oangeande de Fryske taal op him nommen en is dêrmei ferantwurdlik foar de útfiering. Dat jildt ek as it Ryk yn gearwurkjen of troch delegaasje bepaalde taken oan Provinsje, gemeenten of oaren

oerdroegen hat. It Ryk bliuwt ferantwurdlik foar de útfiering en docht wat dien wurde moat om oan dy ferantwurdlikens te foldwaan.

2. It Ryk hat foech oerdroegen oan de provinsje Fryslân. It Ryk regelet de ynstruminten en it belied sadat de oerdroegen taken en ferplichtingen goed útfierd wurde kinne. Tagelyk soarget it Ryk foar foldwaande amtners dy't goed op 'e hichte binne fan de Fryske saken om de eigen (ein)ferantwurdlikens wier meitsje te kinnen. De amtners dy't har dwaande hâlde mei it Frysk en mei Fryslân moatte it Frysk behearskje en wurde allinne oansteld as Ryk en Provinsje it dêr tegearre oer iens binne.
3. Beliedsfoarnimmens fan Ryk, Provinsje Fryslân, gemeenten en alle oare organen en organisaasjes wurde earst hifke op de konsekwinsjes foar it Frysk. By negative gefolgen sil it belied net trochset wurde of sa oanpast wurde dat dy negative gefolgen opheft wurde. Dêr wurdt net allinne om tocht by it weryndielen fan gemeenten en it werskikken fan rjochtbanken, mar ek by organisaasje lykas plysje, meldkeamer, belesting ensafierder.
4. Oparbeidzjen mei oaren benammen bûten Fryslân kin allinne yn in foarm dy't gjin neidiel hat foar it brûken fan it Frysk en in mearwearde opleveret foar Fryslân.
5. By skaalfergrutsjen fan tsjinsten sa as plysje, brânwar, ambulânse en sa fierder soarget it Ryk derfoar dat de Frysksprekkende boarger yn syn kontakten mei dizze tsjinsten it Frysk brûke kin. Dêrta wurde de plysje en de wurkers yn dizze tsjinsten yn de gelegenheid steld kursussen Frysk te folgjen. Helptsjinsten yn Fryslân wurkje mei twatalige opskriften op reau en gebouwen. Frysktaligen kinne gewoan daliks yn de kontakten mei meldpunt 112 it Frysk brûke en dêr ek mei trochgean.
6. It Ryk ynformearret de Twadde Keamer en de Provinsjale Steaten fan Fryslân elk jier troch middel fan in rapportaazje oer de útfiering fan de bestjoersôfspraak en/of de dêroan relatearre útfieringskonvenanten. Dy rapportaazjes wurde yn Twadde Keamer en yn Provinsjale Steaten behannele.
7. De Wet brûken Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear skriuwt foar dat yn de provinsje Fryslân fêstige desintrale bestjoersorganen dus de gemeenten útsein It Amelân, Flylân, Skylge, Skiermûntseach en Weststellingwerf regels opstelle oer it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear. Foar de gemeenten yn Fryslân betsjut dit dat der in oardering en beliedsplan fêststeld wurdt. Dêryn moatte bepalingen stean dy't rjochte binne op it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk yn it wurkgebiet fan de gemeente. De Provinsje hat de taak de oanset te jaan ta it ûntwikkeljen fan dit taalbelied Frysk by de gemeenten. De Provinsje soarget foar stipe en stjoering en kontrolearret op fêste tiden oft it beliedsplan foldwaande opsmyt yn it fuortsterkjen fan it Frysk yn 'e gemeente. Tûkelteammen wurde weinommen. It doel dat alle gemeenten in taalbelied Frysk ha wurdt yn 2020 helle.
8. It Ryk regelet op koarte termyn stjoering, tafersjoch en ferantwurdling by de Taalwet skerper. Der komme ôfspraken wa't wêr ferantwurdlik foar is en hoe 't der op tasjoen wurde sil. De Provinsje jout mear foarm en ynhâld oan de rol fan 'Taalskipper' as it giet om it stjoeren op eigenerskip en it neikommen fan de ôfspraken. De Provinsje soarget foar foldwaande personiel foar de útfiering fan dy taken op grûn fan de Taalwet en it eigen belied.
9. De Provinsje ferget de gemeenten en organen dy't dêrmei anneks binne op beliedsplannen en trunet oan om dêr yn alle gefallen ûndersteande útstellen yn op te nimmen:



- Oerheden en organen dy't dêrmei yn Fryslân anneks binne stypje tenei it brûken fan it Frysk aktyf troch dat yn de kommunikaasje mei boargers altyd as earste taal yn te setten, mûnling likegoed as skriftlik.
  - Frysk prate en skriuwe kinne of leare wolle as funksje-eask beneame as it giet om Fryske oerheden, organen dy't dêrmei anneks binne en organisaasjes dy't stipe krije fan de oerheid.
  - By stipeferliening troch oerheden foar aktiviteiten fan bedriuwen yn Fryslân wurdt ynset op de eask dat it Frysk in foarnaam plak yn de kommunikaasje ynnimme moat.
  - . De Provinsje trunet oan om yn de beliedsplannen fan de gemeenten útstellen oer Fryske plaknammen op te nimmen. Wat de Fryske streektaalgebieten oanbelanget kin dat ek nammen yn dy streektaal wêze.
10. De provinsje jout ek wat dizze ûnderwerpen oanbelanget it goede foarbyld. Dêr komt by dat it Ryksregear, dat ynternasjonale ferplichtingen neikomme moat, de legere oerheden ek op de hjir neamde punten kontrolearret.

## HAADSTIK 4

### MEDIA

(kêst 11 fan it Europeesk Hânfêst)

#### **Ynlieding**

In libbene taal is in taal dy't brûkt wurdt om't yn dy taal praat en harke, skreaun en lêzen wurdt. Wat it praten en skriuwen fan dy taal oanbelanget grypt de Provinsje de mooglikheden dy't der binne oan om te befoarderjen dat de media it Frysk yn harren kommunikaasje mei harkers en lêzers systematysk brûke. De Provinsje hie yn de BFTK fan 2013-2018 de ambysje om it plak fan it Frysk yn alle foarmen fan nije media op syn minst lykweardich te meitsjen oan dat fan it Frysk yn de tradisjonele media (benammen radio en telefyzje) yn Fryslân. Dy ambysje wol de Provinsje wiermeitsje.

Lykweardigens en lykberjochting betsjut dat oan de ein fan dizze BFTK-perioade foar de skreaune media likegoed as foar de lokale omroppen beide talen likefolle brûkt wurde. Foar de media dy't no it Frysk as fiertaal brûke (de Moanne, heit&mem en dêr ek jild foar krije) dogge dat oan de ein fan dizze BFTK op syn minst foar trijekwart fan de tiid en de ynhâld.

#### **a. Nije media**

It Frysk hat in aardich plak yn alle foarmen fan nije media. Mear is mooglik. De Provinsje docht alles wat mooglik is om drompels dy't dat digitaal brûken fan it Frysk lestich meitsje fuort te heljen.

1. Taalweb Frysk wurdt systematysk by de tiid hâlden, sadat dat programma sûnder swierrichheden brûkt wurde kin troch de digitale hard- en software dêr't it foar ornearre is.
2. Goed wurkjende apps dy't it brûken fan it Frysk stypje en tagelyk makliker meitsje binne wat de taal oanbelanget ôfstimd op Taalweb. Fryske ynstellingen fan apps en programma's wurde befoardere.
3. De Provinsje stipet (finansjeel) aksjes om te kommen ta mear Frysk yn de sosjale media (Fryske Twitterdei, Ynternasjonale sosjale mediadei) en docht útstellen om te kommen ta mear en nije aksjes.
4. De Provinsje set net allinne yn op it mear brûken, mar ek op it better brûken fan it Frysk. Tink oan goede foarbylden, korreksjemooglikheden, workshops en wat fierder betocht wurde kin.
5. De Provinsje bringt yn dizze perioade yn byld wat nije media mear dwaan kinne om it Frysk te brûken. Fan de oare kant wurde Google, Facebook en oaren frege om te besjen oft mear mei it Frysk dien wurde kin.

## **b. Radio en telefyzje**

It persintaazje Frysk fan de lokale radio en telefyzje is op syn minst 50%. Omrop Fryslân is Frysktalich. Om't radio en telefyzje foar party minsken it medium is dat harren yn kontakt bringt mei it Frysk wurdt yn dizze perioade benammen ek ynset op de kwaliteit fan de taal en op it konsekwint brûken fan de talen. Omrop Fryslân hat in foarbyldfunksje en besteget konsekwint omtinken oan de kwaliteit fan it Frysk fan de meiwurkers. De meiwurkers ha it Fryslân A-diploma nedich.

1. Omrop Fryslân hat op basis fan it Frysk as twadde rykstaal in folsleine en alsidige programmearring en sil de middels dêrta ha moatte om dy programmearring te realisearjen.
2. It is wichtich dat de NPO de taken en funksjes dy't it Mediafûns ferfollet by it befoarderjen en finansierjen fan by útstek publike kulturele mediaproduksjes by de nasjonale en regionale publike omrop goed ynpast om te dwaan wat foarhinne dien waard troch it Stimulearringsfûns Nederlânske Kulturele Omropproduksjes. Dêr heart ek omtinken by foar Frysktalige telefyzjedramaproduksjes.
3. De Provinsje tinkt by radio en telefyzje net allinne oan Omrop Fryslân mar ek oan it ferskaat fan lokale radio- telefyzjestjoerders yn ús provinsje. Der komme subsydzjeregelingen, dêr't ferplichtingen oangeande it brûken fan it Frysk yn opnommen wurde. De Provinsje hat struktureel oerlis mei de gemeenten om it Frysk yn de lokale media in better plak te jaan.
4. De lokale radio- en telefyzjestjoerders ha likegoed as Omrop Fryslân programmarieden. By it beneamen fan programmariedsleden wurdt derfoar soarge dat it tal Frysktalige leden op syn minst oerienkomt mei it tal Frysktaligen yn it oanbelangjende útstjoergebiet. Dat is in binend kritearium.
5. De Provinsje set him der foar yn, dat Omrop Fryslân ek beskikber is/bliuwt bûten de Provinsje, sadat ek Friezen om utens yn har eigen taal nei de televyzje sjen en radio harkje kinne.
6. De Provinsje komt sa gau mooglik mei belied sadat dizze saken yn dizze BFTK-perioade folslein regele wurde.

## **c. Printe media**

Wat de printe media oanbelanget is der struktureel omtinken foar it brûken fan de Fryske taal. Yn de BFTK 2013-2018 waard benammen ynset op de nije media. Underwilens is lykwols wol dúdlik dat de tradisjonele media in wichtige posysje ha en foarearst noch hâlde.

1. Dêrom stelt de Provinsje sa gau mooglik fêst, hoe't it Frysk yn dy tradisjonele media brûkt wurdt. Neam it in 0-mjitting!
2. Ryk en Provinsje komme sa gau mooglik mei metoaden en jild om de tradisjonele media sa fier te krijen dat it Frysk yn de yn dizze paragraaf omskreaune rjochting mear brûkt wurdt. Dy middels begjinne mei it dwaan fan in berop op meiwurking, it finansjeel gearwurkjen (lykas doedestiden by de Fryske siden), it keppeljen fan easken oan subsydzje en ûndersyk

dwaan nei de mooglikheden om te kommen ta in ferplichting om de twadde rykstaal foar in part te brûken. Dat betsjut dat nei de 0-mjitting alle jierren wat mear romte/mooglikheden komt foar it brûken fan it Frysk.

3. De Provinsje rjochtet him op de regionale en lokale kranten, periodiken en doarpskranten. De Provinsje stipet en makket belied om gemeenten en oare organisaasjes safolle mooglik yn dat Frysk taalbelied foar de media te beheljen.
4. Ynset wurdt op: de foarbyldfunksje, kursussen foar skriuwers en redaksjes, prizen foar Frysktalige doarpskranten en mear. De neamde kursussen wurde iepen en fergees oanbean, sadat ek oaren maklik meidwaan kinne. De Provinsje hat wol in betingst by dat oanbod. De kursisten krije yn de kranten en krantsjes dêr't se foar skriuwe de romte om yn it Frysk te skriuwen. De kranten en krantsjes jouwe struktureel romte om dat mooglik te meitsjen.

#### **d. Tydskriften**

Mei troch tadwaan fan de Provinsje binne der op dit stuit twa tydskriften dy't der ta dogge. Dat binne: de Moanne, dat in breed en kreatyf poadium biede wol foar aktuele en skôgjende bydragen oer kultuer en de keunsten. De Moanne lit sjen wat der yn en om Fryslân spilet, yn taal, byld en nije media. It tydskrift heit&mem is in twatalich tydskrift foar âlden yn Fryslân mei bern fan 0 oant 12 jier. Dat tydskrift heit&mem hat as doel om (takomstige) âlden bewust te meitsjen fan de kânsen fan meartalige ûntwikkeling om se te stimulearjen om harren bern meartalich grut te bringen. It tydskrift heit&mem wol (takomstige) âlden stimulearje om mear Frysk te lêzen en foar te lêzen.

1. De Provinsje stelt him ta doel om yn it begjin fan de perioade fan dizze BFTK oan de hân fan de foar dizze tydskriften stelde doelen en oan de hân fan de foar dizze tydskriften beskikbere jildten te evaluearjen oft oan de doelen foldien wurdt en de beskikbere jildmiddels goed brûkt wurde.
2. It is de bedoeling fan de Provinsje dat it brûken fan it Frysk yn dy tydskriften nei de takomst ta mear romte kriget. De ferdieling betsjut dat mear as de helte Frysk is. Oan de ein fan dizze BFTK-perioade is dat om ende by de 75%.
3. De Provinsje stelt fêst dat der op dit stuit net in algemien tagonklik en folslein Frysktalich tydskrift foar in breed publyk is. De Provinsje makket sa'n tydskrift mei in grut ferskaat oan ûnderwerpen oer it Frysk en Fryslân, ûnderwerpen dêr't Fryslân mei te krijen hat om sa de Friezen oan it lêzen te krijen.
4. Yn it begjin fan dizze nije BFTK-perioade ferkent de Provinsje de mooglikheden om sa'n tydskrift yn de merk te setten (betelle lykas de Moanne of fergees, lykas heit&mem, of noch oars) om sa gau mooglik te kommen ta sa'n tydskrift, it leafst yn 'e mande mei oare organisaasjes. Doel fan dat tydskrift: De Friezen de gelegenheid jaan om gewoan yn de eigen taal oer Fryslân en de wrâld te lêzen. It jout tagelyk mooglikheden om faker yn it Frysk te skriuwen.
5. No't yn dizze tiid de keppeling tusken printe en digitale media net mear ûntbrekke kin, kriget sa'n nij Frysk tydskrift tagelyk sa'n keppeling. Dêr jildt ek dat gebrûk makke wurdt fan wat der is.

## HAADSTIK 5

### KULTURELE AKTIVITEITEN EN FOARSJENNINGEN

(kêst 12 fan it Europeesk Hânfêst)

#### **Ynlieding**

Kulturele uteringen binne wichtich foar ûntwikkeling en groei fan in taal. Foar de Provinsje leit hjir in taak as de oerheid foar it Frysk. Mar ek in gemeente kin middels belied op it mêd fan festivals, muzykskoallen, musea, koaren en korpsen it brûken fan it Frysk stimulearje. Yn de mande mei kulturele ynstellingen wurde yn subsydzje-oerienkomsten prestaasje-ôfspraken oer it brûken fan it Frysk yntegraal opnommen.

Keunst en kultuer libbet yn Fryslân as in hert. Dêrby spilet de Fryske taal in grutte rol. Neist basisfoarsjenningen sa as Afûk, Tryater, Tresoar, Keunstwurk en Fryske Akademy moat mei klam nei de betsjutting fan de amateurkeunst foar de Fryske taal sjoen wurde. Tink oan: toanielferieningen, sjong- en muzykgroepen, iepenloftspullen en mear. Fryslân mei Ljouwert as haadstêd kin mei rjocht in kulturele regio neamd wurde. Dêrom moat Fryslân ek in kulturele ienheid wurde. As reaksje op de kultuerferkenning fan de Raad voor Cultuur skriuwe Deputearre Steaten fan Fryslân dan ek terjochte:

‘Fryslân en Ljouwert as it giet om LF 2018 hawwe in bysûndere posysje. De grutte krêft en útsjering, dy’t dêrfan útgeane en de oanhâldende effekten dy’t dêrmei berikt wurde sille, litte de Fryske eigensinnigens, identiteit en fuortsterke selsbewustwêzen sjen fan Fryslân as eigen stedsregio.’ Inisjativen en aktiviteiten op it mêd fan keunst, toaniel, sang, muzyk, útstallingen en mear binne it wurdich om fêsthouden te wurden. De Provinsje set yn alle gefallen yn op in fuortsetting fan Lân fan Taal.

Gearwurking fan oerheids- en semy-oerheidsynstânsjes op kultureel mêd (sa as ‘We The North’) kin lykwols allinne oan meidien wurde as Fryslân in selsstannige kultuerregio is. Likegoed moat dan hieltyd kritysk besjoen wurde oft it Frysk yn dat fermidden net oan ’e krapperein komt. Dat jildt ek foar kultueredukaasje foar basisskoallelearlingen en wat âldere jongerein.

De yn dit haadstik neamde kulturele foarsjenningen yn Fryslân ha beliedsplannen dêr’t dúdlik yn beskreaun stiet dat it Frysk op it foarste plak komt en wat dien wurdt om dat sa te krijen en te hâlden. Dy formulearrings binne needsaken om foar subsydzje yn ‘e beneaming te kommen.

#### **5.1 Ofspraken mei Tryater**

##### **1. Ynstânhâlding Tryater**

Der is in selskip foar beropstoaniel, te witten Tryater, dat him fan de Fryske taal betsjinnet. De ynstânhâlding dêrfan wurdt troch de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip mooglik makke. It giet dêrby om Frysktalich toaniel foar folwoeksenen en jongerein. Toanielselskip Tryater makket diel út fan de nasjonale basisynfrastruktuer. Tryater wurdt beoardiele mei achtslaan fan de útgongspunten fan de Ryksnota Kultuerbelied. De Ried foar

Kultuer docht de beoardieling fan rykswegen. Yn de Ried foar Kultuer moat op syn minst ek immen út Fryslân wei in sit ha, dy't goed op 'e hichte is mei de Fryske taal en kultuer.

## 2. Finansiering

De finansjele stipe fan Tryater ferrint neffens de noarms dy't dêrfoar jilde, op betingst dat dêr de neikommende útsûndering op makke wurdt: wat de sprieding fan foarstellingen oanbelanget kin folstien wurde mei it jaan fan foarstellingen yn de provinsje Fryslân. Sa út en troch wurde foarstellingen bûten de provinsje jûn.

## 3. Sprieding fan foarstellingen

De provinsje Fryslân stiet noed foar it skeppen fan betingsten dy't in werklike sprieding fan foarstellingen mooglik meitsje troch it subsidiearjen fan foarstellingen, dy't troch de lytse kapasiteit fan de seal of de lizzing fan it plak fan optreden sûnder ekstra stipe net mooglik binne.

## 4. Beoardieling Tryater

As de beoardieling fan Tryater liedt ta it beëinigjen of ferminderjen fan it beskikber stellen fan mooglikheden om it selskip yn stân te hâlden, of nei it beëinigjen fan de aktiviteiten troch it selskip, lizze de minister fan Underwiis en Wittenskip en Deputearre Steaten fan Fryslân mei-inoar oer oer de dan ûntstiene situaasje. De beoardieling fan it Frysk en Fryske aspekten fan Tryater is foarbehouden oan de Provinsje.

## 5.2 Ofspraken mei de Fryske Akademy

### 1. Ynstânhâlding Fryske Akademy

Der is in ynstelling foar de wittenskipsbeoefening oangeande de Fryske taal en kultuer, te witten de Stichting Fryske Akademy te Ljouwert. De ynstânhâlding dêrfan wurdt troch de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip en de provinsje Fryslân mooglik makke.

### 2. Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen

De Fryske Akademy is ferbûn oan de Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen (KNAW) en makket diel út fan de ynstitute- en ûndersyksorganisaasje fan de KNAW. De aard fan de ferbûnens tusken de Fryske Akademy en de KNAW wurdt troch harrensels yn ûnderling oerlis bepaald. Selsstannigens en ienheid fan de Fryske Akademy bliuwe dêrby bewarre. De Fryske Akademy behâldt de status fan stichting en kin in berop dwaan op de foarsjenningen fan de KNAW.

### 3. Finansiering

De finansjele middels fan de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip foar de Fryske Akademy, de middels foar de húsfêsting dêryn begrepen, binne yn 1990 (as gefolch fan de para-universitêre operaasje) respektyflik 1994 (as gefolch fan de stelselwizing húsfêsting) oan de KNAW oerdroegen. Dêrby jildt it neikommende: de ryksmiddels dy't oan de KNAW oerdroegen binne, binne earmerke en ornearre foar de wittenskipsbeoefening oangeande de Fryske wittenskipsûnderwerpen troch de Fryske Akademy en foar de húsfêsting fan it ynstitút; de KNAW beoerdielet de kwaliteit fan de wittenskipsbeoefening troch de Fryske Akademy.

4. **Beoardieling**  
As de KNAW op grûn fan syn oardiel as bedoeld ûnder 3b fan betinken is dat yn it beskikber stellen fan de eigen middels oan de Fryske Akademy in substansjele wiziging oanbrocht wurde moat, wurdt de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip dêr fuortdaliks fan op 'e hichte brocht. Alear't dêr in beslút oer nommen wurdt, lizze de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip en Deputearre Steaten fan Fryslân mei-inoar oer om te besykjen om de doelstellingen op in oare wize te ferwêzentlikjen.
5. **Beskikber stellen middels Fryske Akademy**  
As de provinsje Fryslân yn beried nimt om it beskikber stellen fan middels oan de Fryske Akademy te ferleegjen, wurdt de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip dêr fuortdaliks fan op 'e hichte brocht. Alear't dêr in beslút oer nommen wurdt, lizze de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip en Deputearre Steaten fan Fryslân mei-inoar oer om te besykjen om de doelstellingen op in oare wize te ferwêzentlikjen.
6. **Binende oerienkomst de Fryske Akademy en de KNAW**  
De gedrachsregels, beskreaun yn de binende oerienkomst tusken de Fryske Akademy en de KNAW fan 12 febrewaris 1990, binne ûnderdiel fan dizze bestjoersôfspraak, foarsafier't dy mei it boppesteande strike.
7. **Provinsje en Ryk sette yn op de Fryske Akademy as it sintrum fan meartaligens foar Nederlân.**
8. **Foar de fuortsterking fan de Fryske taal en kultuer docht de Provinsje ûndersyk nei de foardielen fan gearwurking tusken de hegeskoallen (oplieding), de Fryske Akademy (ûndersyk) en Campus Fryslân (stúdzje) op in tal mêden sa as meartaligens en kultuer om de foardielen fan dy gearwurking sels en om mooglik te kommen ta in universiteit foar Fryslân (sjoch ek H2 g5).**

### **5.3 Ofspraken oer Tresoar, FLMD en it Nederlandse Letterenfonds**

1. **Tresoar**  
It Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) is yn 2002 in ûnderdiel fan Tresoar wurden. De stichting FLMD is dielnimmer yn de mienskiplike regeling Letterhoeke en is yn it algemiene bestjoer fan Tresoar fertsjintwurdige.
2. **It Nederlands Letterenfonds**  
It Nederlands Letterenfonds jout by syn aktiviteiten ek omtinken oan Frysktalige literatuer. De wurkbeurzen foar auteurs en oersetters fan it Nederlands Letterenfonds binne foar dat doel ek foar Fryske skriuwers tagonklik. Dêrby wurdt rekken holden mei de spesifike merken- en ôfsetomstannichheden dêr't dy skriuwers mei te krijen hawwe.

### **5.4. Ofspraken oer Keunstwurk en Afûk**

1. **Stichting Keunstwurk**  
Der is in kennisintrum foar de Fryske keunst en kultuer dat him rjochtet op beoefening fan de amateurkeunst, kultueredukaasje en profesjonele keunsten. It hâldt him dwaande mei

byldzjende keunst, design, teäter, dûns, muzyk en multydisziplinêre projekten. By it oangean fan dizze bestjoersôfspraak is dat de Stichting Keunstwurk yn Ljouwert. De Provinsje makket yn it begjin fan dizze BFTK-perioade ôfspraken mei Keunstwurk oer hoe't it Frysk in plak kriget, hoe't it brûkt wurdt en hoe't subsidzje oan ûnderdielen takend wurdt.

## 2. Afûk

Der is in taalbefoarderingsynstitút dat him dwaande hâldt mei de oerdracht, it ûntwikkeljen en befoarderjen fan de Fryske taal yn alle (maatskiplike) domeinen fan dizze bestjoersôfspraak. By it oangean fan dizze bestjoersôfspraak is dat de Afûk yn Ljouwert De Afûk befoarderet ek de produksje, de fersprieding en it lêzen fan Frysktalige boeken.



## HAADSTIK 6

### EKONOMYSK EN SOSJAAL LIBBEN

(kêst 13 fan it Europeesk Hânfêst)

#### **Frysk yn de ekonomyske sektor**

Yn de ekonomyske sektor binne gâns ûntwikkelingen. Undersiken wize út dat it Frysk foar dy ekonomyske sektor fan belang is en dat it brûken fan it Frysk dêrom fasilitearre wurde moat. Dêrom befoarderet de Provinsje mei regelingen en fasiliteiten it brûken fan de Fryske taal yn de ekonomyske sektor. As bliken docht dat der beheiningen binne, dan besjogge Provinsje en bedriuwslibben tegearre wat de mooglikheden binne om dy beheiningen fuort te heljen.

1. De Provinsje regelet dat as nije bedriuwen yn 'e provinsje komme dy folslein ynformearre wurde oer it Frysk en it brûken fan it Frysk yn Fryslân.
2. De Provinsje stimulearret en helpt dy bedriuwen tagelyk om it Frysk te brûken.

#### **Frysk yn soarch en wolwêzen**

It belied dêr't de minsken langer thússoarch troch krije, betsjut dat de kommunikaasje oer en yn de soarch al mar wichtiger wurdt.

1. De Provinsje fynt dat de boarger yn syn kontakt mei de organisaasjes foar soarch en wolwêzen it Frysk altyd brûke kin.
2. De Provinsje sjocht der op ta dat de gemeenten de soarchynstellingen ynformearje oer it belang fan it brûken fan de memmetaal fan de kliïnten. De Provinsje trunet dêrom de direksjes fan wolwêzen- en soarchynstellingen oan om it Frysk as tema in plak yn it belied te jaan. Der wurdt alle jierren ferslach fan dien yn it jierferslach op grûn fan de Kwaliteitswet Zorginstellingen.
3. De kearn fan de WMO is it petear tusken de boarger mei in helpfraach en de gemeente. By it kontraktearjen fan in nije oanbieder foar de WMO is it saakkundigennivo op it mêd fan it Frysk dêrom ien fan de kritearia.
4. De Provinsje soarget derfoar dat de troch de oerheid subsidiearre ynstellingen yn de wolwêzen- en sûnenssektor yn Fryslân yn subsydje-oerienkomsten en prestaasje-ôfspraken it brûken en it stimulearjen fan it Frysk yntegraal opnimme.
5. De Provinsje stimulearret en soarget derfoar dat yn klachteregeelingen fan troch de oerheid subsidiearre wolwêzen- en sûnensynstellingen, dy 't yn de provinsje har wurkterrein ha, it Frysk brûkt wurde kin.

6. De Provinsje soarget derfoar dat belange-organisaasjes yn de wolwêzen- en sûnenssektor yn de provinsje Fryslân omtinken jouwe oan de Fryske taal yn harren sektor. Yn de subsydzjebetingsten fan profesjonele organisaasjes wurdt opnommen dat de jongereinwurkers en âlderenadviseurs it Frysk aktyf behearskje.

## HAADSTIK 7

### UTWIKSELINGEN OER DE GRINS HINNE

(kêst 14 fan it Europeesk Hânfêst)

Fryslân hat mei syn erkende Fryske taal en kultuer in bysûndere posysje yn Nederlân. Foar Fryslân en it Frysk binne kontakten mei oare Europeeske gebieten mei in regionale taal of in minderheidstaal wichtich. It is dêrom fan belang dat Fryslân mei syn taal en kultuer yn it bûtenlân bekend is en wurdt. It moat dêrom in ûnderdiel wêze fan it foarljochtingsbelied oangeande de kultuer fan Nederlân. Fryslân sil himsels ek profilearje moatte yn Europa. Dat betsjut dat Fryslân yn Brussel dúdlik oanwêzich wêze moat. Fan de promoasje fan Fryslân yn Brussel sil de Fryske taal en kultuer in karakteristyk diel wêze. Neist de besteande kontakten en útwikselingen mei de Frysktalige gebieten yn Noard- en East-Dútslân laat dit ta kontakten en gearwurkjen mei oare taalminderheden om sa de posysje yn Europa te fersterkjen.

Ryk en Provinsje regelje yn de kommende perioade, foar safier't dat noch net regele is:

1. Foarljochtingsbelied  
Yn it foarljochtingsbelied fan de ambassaden oangeande taal en kultuer fan Nederlân nimt de Fryske taal en kultuer in dúdlik plak yn.
2. De relaasje mei de oare Fryske taalgebieten (Upstalbeamoerlis)  
Mei oerheidsynstellingen yn East- en Noard-Fryslân wurdt besocht te kommen ta perioadyk ynterFrysk oerlis op kultuerpolityk mêd fanwegen mienskiplike belangen en it bepleitsjen dêrfan nei bûten ta.
3. Kulturele ferdraggen  
By it sluten fan kulturele ferdraggen tusken Nederlân en oare lidsteaten fan de Ried fan Europa is der benammen omtinken foar de Fryske taal en kultuer. Der wurdt op tasjoen dat de posysje fan de minderheidstaal yn eigen lân en dy yn oare steaten der net op efterút giet.
4. Boargerinisjatyf  
Ryk en Provinsje sille, dêr't soks mooglik is, alle stipe jaan oan it MSPI, it Minority SafePack Initiative, it boargerinisjatyf dat bestiet út in bondel maatregels om persoanen dy't by nasjonale minderheden hearre te beskermjen en om maatregels te nimmen dy't der foar soargje dat de skat fan ús rike Europeeske kulturele erfgoed boarge en fuortsterke wurdt.
5. Gearwurking mei likense minderheidsorganisaasjes  
De provinsje stipet gearwurking fan Fryske organisaasjes mei likense minderheidsorganisaasjes en NGO's om mei-inoar de posysje fan de eigen (minderheids)taal fuort te sterkjen.
6. Network to Promotion of Linguistic Diversity  
De provinsje is lid fan it Europeesk Network to Promotion of Linguistic Diversity (NPLD) en

brûkt dat netwurk om de ynternasjonale kontakten mei gebieten mei in minderheids- of regionale taal yn lannen as Italië, Ingelân en Spanje op ferskate ynhâldlike tema's sa goed mooglik te organisearjen. De provinsje brûkt it lidmaatskip fan it NPLD ek om yn Europeesk ferbân de posysje fan de minderheidstalen nei foaren te bringen en dy posysje fuort te sterkjen. De Provinsje set fierder yn op oerlis fan de NPLD mei de Federal Union of European Nationalities (FUEN), de grutste Europeeske organisaasje foar minderheden en minderheidstalen, mei as doel om gear te wurkjen, inoar fuort te sterkjen en fierder.

7. Mercator

By Mercator as Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen sil de provinsje oanstean op ferlykjende stúdzjes mei it each op de ûntwikkeling fan meartalich ûnderwiis op alle nivo's foar it Frysk as fak en ek as fiertaal. De provinsje is fan doel in wurkgroep fan kwalifisearre saakkundigen (ûnderwiisminsken en taalkundigen) te foarmjen mei as opdracht it ûntwikkeljen fan goed yntegraal meartalich materiaal om it Frysk as fiertaal by alle fakken/alle ûnderwiis mooglik te meitsjen.

8. Utwreiding aktiviteiten oer de grins hinne

Aktiviteiten oer de grins hinne net allinne beheine ta de Fryske taalgebieten yn Dútslân, mar útwreidzje nei oare organisaasjes en ynstellingen op it mêd fan kultuer en ûnderwiis en oare minderheidstaalgebieten yn Europa. Der binne genôch middels om ynternasjonale (multilaterale) útwikselingsprojekten foar jongerein yn minderheidstaalgebieten te bewurkmasterjen en te befoarderjen.

9. Europeeske Territoriale Gearwurking oer de grins hinne (EGTS)

Ferkenne hoe't it ynstrumint fan Europeeske Territoriale Gearwurking oer de grins hinne (EGTS) foar aktiviteiten oer de grins hinne ynset wurde kin.

## HAADSTIK 8

### SLOTBEPALINGEN

- 1. Periodyk oerlis**

Oer de útfiering fan de aktiviteiten yn it ramt fan dizze bestjoersôfspraak wurdt om de safolle tiid, mar op syn minst ienris yn 't jier, ûnder lieding fan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes troch de partijen oerlein.
- 2. Planning**

Salang't der net in nije BFTK is, jildt de âlde BFTK. As de nije BFTK jildt fan 2019-2023, dan wurdt de perioade 2019-2021 brûkt om nei te gean oft de bepalingen yn it Europeesk Hânfêst wol allegearre operasjoneel makke binne; de perioade 2021-2023 wurdt dan brûkt om dat proses, lâns de wei fan oanfoljende wetjouwing, fierder út te wurkjen.
- 3. Beskikber stellen fan ynformaasje**

De Twadde Keamer en Provinsjale Steaten fan Fryslân wurde elts jier troch middel fan in rapportaazje ynformearre oer de útfiering fan de bestjoersôfspraak en/of dêroan relatearre útfieringskonvontanen. Dy rapportaazjes wurde yn de Steaten behannele.
- 4. Amtlike tarieding**

It oerlis, as bedoeld yn kêst 8.1, wurdt amtlik taret, ûnder ferantwurdlikens fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, dêr't de ûnderskate ministearjes en de provinsje Fryslân yn fertsjintwurdige binne. Dat tariedend oerlis is op syn minst ienris yn 't jier.
- 5. It Orgaan foar de Fryske taal (Dingtiid)**

Dingtiid, it op grûn fan kêst 7, fjirde lid, fan it Europeesk Hânfêst ynstelde Orgaan foar de Fryske taal jout advys oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasje en de deputearre foar taal, media, keunst en kultuer yn Fryslân oer de útfiering fan dizze Bestjoersôfspraak en de útfieringskonvontanen yn relaasje ta it Europeesk Hânfêst. It Ryk docht neffens artikel 15-1 fan it Hânfêst om de trije jier ferslach oan de Ried fan Europa oer de útfieringen fan de ferplichtingen, dy't it Ryk op him nommen hat. Dingtiid moat alle romte ha om foldwaande ynformaasje te sammeljen. De útbrochte rapporten wurde yn Provinsjale Steaten behannele.